



IN FRJEMD STEL

(The odd couple)

In komeedzje fan

NEIL SIMON

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **IN FRJEMD STEL – THE ODD COUPLE** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NEIL SIMON** en vertaler: **GURBE DIJKSTRA** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

© 1984 by Neil Simon

© Frisian translaticien: 1997 by Niel Simon

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,

Telefoon (03)3.66.44.00,

E-mail: bestellen@toneelfonds.be en Website: www.toneelfonds.be.

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

Sylvie – frou
Mickey – frou
Renee – frou
Vera – frou
Olive Madison – frou
Florence Unger – frou
Manolo Costazuela – man
Jesus Costazuela – man

TIID: Hjoed.

PLAK: Olive Madison har Riverside Drive Appartemint

EARSTE BEDRIUW:

In hite simmerjûn.

TWADDE BEDRIUW:

Sêne 1: Twa wike letter, sawat alve oere jûns.

Sêne 2: In pear dagen letter, sawat acht oere jûns.

Sêne 3: De oare jûns, sawat healwei achten jûns.

DEKOR:

It lúkse appartemint fan Olive Madison op Riverside Drive, New York. It appartemint hat seis keamers. It gebou is út de jierren tritich, en tekens fan it glorieuze ferline binne noch hieltyd te sjen. Hege plafonds, grutte kasten en dikke muorren. Wy binne yn de sit-yt-keamer. Twa treden heger is de foardoar, mei dêrneist in gongskast. Links in rût mei in stikkene air-conditioner. Midden achter in trochgong nei de keuken. In hal rjochts jout tagong ta de badkeamer en de sliepkeamers. It appartemint sjocht der rommelich út. De boeken stean skots en skeef op de boekeplanke. Tiid skriften en âlde kranten op de grûn en op de tafels. Net iepene post en steapels wask lizze oeral.

EARSTE BEDRIUW

At it doek iepen giet: In yttafel rjochts wurdt brûkt foar it wyklikse spultsje Triviant fan de famkes. Fjouwer froulju sitte oan de tafel te spyljen, twa oan elke kant. Renee en Silvie, in kettingrookster, oan de iene kant. Vera en Mickey, in plysjefrou yn unifoarm, oan de oare kant. Hapkes en drankjes, dy 't der net al te lekker út sjogge, stean op tafel. Mickey stiet.

MICKEY: *(skoddet de dobbelstien yn har hân)* Kom op, fanke. Wy moatte in stikje fan dy taart bemachtigje! *(goait de dobbelstien)* ...Fiif! *(se telt de fakjes op it boerd út)* Ien-twa-trije-fjouwer-fiif!... Wittenskip en Natuer. *(se giet sitten. Renee hellet in kaart út it doaske en sjocht dernei)*

RENEE: O, dit is krekt wat foar dy... "Hoe folle kear yn 't jier docht in pinguin oan seks?" *(Mickey sjocht har partner, Vera, ferbaasd oan)*

MICKEY: Hasto tafallich in pinguin yn dyn kennissekring?

VERA: Dy fraach heart net by Wittenskip en Natuer. Dy heart by Rabjen en Praterij.

MICKEY: Ik tink dat se it seis kear dogge.

VERA: Wêrom mar seis?

MICKEY: Hast se wol ris goed besjoen?

VERA: Se libje op iisbergen. Wat moatte se oars dwaan de hiele winter? *(tsjin de tsjinstanners)* Ik sis tweintich kear.

RENEE: Mis. Se dogge it ien kear yn 't jier.

SILVIE: IEN? Allemachtich, dan bin ik mei in pinguin troud.

RENEE: God, wat is it hjir hyt. Wannear lit se dy airconditioning ris meitsje?

SILVIE: *(jout de dobbelstien oan Renee)* Do bist.

RENEE: Ik fal sa flau, echt wier.

VERA: Ik hearde datst by dokter west bist. Doch neat serieus?

RENEE: Nee, wy bin mar twa kear tegearre út west. *(goait)* Fjouwer. *(telt en skoot de pion)* Ien-twa-trije-fjouwer... O, nee! Sport!

SILVIE: Gean de oare kant dan op. *(tsjin Vera)* Wy nimme Wittenskip.

(Renee giet de oare kant op mei de pion)

MICKEY: Twa minuten fanôf no. Ik tel ôf.

SILVIE: *(tsjin Mickey)* Dan sil se doch earst dy fraach stelle moatte.
(tsjin Vera) Toe mar, Vera.

VERA: *(lêst fan it kaartsje)* “Wêrfoar stiet de C yn Einstein syn Relativiteitsteory, $E = MC^2$ kwadraat?” *(Silvie en Renee sjogge elkoar ferbjustere, mei iepen mûle, oan)*

SILVIE: Litte wy doch de Sport mar nimme.

VERA: Do kinst net mear feroarje atst de fraach al heard hast.

RENEE: Mar sy hat MYN beurt keazen. Ik kies Sport. *(se set de pion werom)*

MICKEY: *(sjocht op har horloazje)* Ien minút tritich. Ik tel ôf.

VERA: *(lêst)* “Wa brocht de Cincinnati Reds grut súkses yn 1938?”
(Silvie en Renee stoarje wer glêzich foar harren út, mei iepen mûle)

SILVIE: *(tsjin Renee)* Sille wy doch mar gokke op MC kwadraat?

RENEE: *(tsjin Vera)* Jou es in hint.

VERA: Wat foar hint?

RENEE: Honkbal of fuotbal?

VERA: Honkbal. Ik sil jim noch in hint jaan. Hy hat in Nederlânske namme...

SILVIE: ...Jan Jansen.

RENEE: Joe Rembrandt.

VERA: Is dat jim antwurd?

SILVIE: Peter Windmolen.

VERA: Is dat jim antwurd?

MICKEY: Sechstich sekonden. Ik tel ôf.

SILVIE: Wat wolst doch, in lansearring op Cape Canaveral? *(ropt nei achteren, nei de keuken)* Olive, do moatst ús helpe.

OLIVE: *(fan achteren)* Ik kom al. Ik kom al.

VERA: Jouwe jim it op?

RENEE: Noch net... Bobby Amsterdam... Tony Tulp.

VERA: Jou it doch op. Jim riede it noait. Ik moat tsjin tolven fuort.

SILVIE: Wêr moatsto sa noadich hinne?

VERA: Dat ha ik doch krekt al sein? Ik moat fuort tsjin tolven. Mickey, dat ha ik doch sein? Ik moat tolve oere hinne fuort.

MICKEY: Ik begjin my wier soargen te meitsjen oer Florence. Sa let is se oars noait.

VERA: Ik ha tsjin Harry sein dat ik úterlik om ien oere thús wêze soe. Wy wolle mei it fleantúch fan acht oere nei Florida. *(Silvie sjocht har ferneatigjend oan)*

MICKEY: Wa giet der no yn july nei Florida?

VERA: It is leechseizoen. Dan is it net drok en do krijst de bêste keamer foar in tsiende part fan de normale priis.

SILVIE: Moeie fakânsje. Seis earmoedsaaiers yn in leech hotel.

MICKEY: Miskien is Florence siik. Ik wurd hjir echt nerveus fan.

VERA: Jouwe jim it op?

SILVIE: Klaas Klomp... Ik haatsje dit spul.

MICKEY: Wisten jim dat Florence harsels wol ris opsluten hat yn de WC by Bloomingdale's? Se hat har komplette testamint út sitten te skriuwen op in rôle húskepapier... *(sjocht op har horloazje)* De tiid is hast om.

SILVIE: *(ropt)* Olive! De tiid is hast om! *(Olive komt út de keuken mei in blêd fol frisdrank en sandwiches)*

OLIVE: Goed. Wat is de fraach?

MICKEY: Jim ha noch mar fjouwer sekonden.

VERA: "Wa brocht de Cincinnati Reds..."

OLIVE: *(yn ien azem)* Johnny van der Meer op 11 juny, tsjin de Boston Braves, en op 15 juny tsjin de Brooklyn Dodgers, seis - nul, ik ha noch in sekonde oer, stel my noch in fraach.

RENEE: It is net te leauwen.

SILVIE: Do hâldst echt fan sport, of net?

OLIVE: Ik hâld fan manlju mei spieren yn strakke broeken... Wa hat de kafeïnefrije, sûkerfrije Pepsi fan ien kalory?

MICKEY: Ik.

OLIVE: *(bringt har it blikje)* In blikje gemikalyen foar plysje Mickey.

MICKEY: *(pakt it blikje oan)* It is waarm.

RENEE: Har koelkast is al twa wike stikken.

OLIVE: No, ja. Hy lekt in bytsje. Wa wol der wat ite?

MICKEY: Wat hast?

OLIVE: (*sjocht nei de sandwiches*) Ik ha brune, en ik ha griene sandwiches.

MICKEY: Wat is dat griene spul?

OLIVE: (*sjocht nochris*) Oftewol hiele jonge tsiis, oftewol hiele âld fleisguod.

MICKEY: Doch my de brune mar.

RENEE: Wolsto echt opite wat út dy koelkast komt? Ik seach dêr molke stean dat net iens yn in pak siet.

OLIVE: Sûnt wannear bisto in sûnensmaniak? Yt doch, Mickey. Yt.

SILVIE: (*tsjin Renee*) Wy bin oan de beurt. Goaie mar.

RENEE: (*tsjin Olive*) Ik miende datst in nije help hiest, dy 't moandei begjinne soe.

OLIVE: Nee. Ik bin ôfwiisd.

RENEE: (*skoddet de dobbelstien... tsjin de oaren*) Dy frou presintearret in prime-time nijsshow, en se hat net iens in wurkster. (*goait*) Fiif. Ien-twa-trije-fjouwer-fiif... Wittenskip en Natuer.

VERA: O, dit is in moaie 'n... "Wat giet ticht at in kikkert slokt?" (*Renee en Silvie sjogge nei Olive*)

SILVIE: SYN EAGEN!... Syn eagen gean ticht.

MICKEY: Goed. Hoe wist dat?

SILVIE: Ik ha in skoftke ferkearing hân mei in fint dy 't op in kikkert like.

MICKEY: (*tsjin Renee*) Do bist wer.

RENEE: Sis, Olive. Sille wy in nije regel ynstelle? Do moastst elk healjier nije, farske chips keapje.

OLIVE: Dat doch ik ek altyd. Dizze kinne noch oant septimber.

RENEE: By Florence thús krije wy teminsten altyd fatsoenlik iten.

OLIVE: Bin myn hapkes net fatsoenlik?

RENEE: It bin net iens hapkes.

OLIVE: Krekt. Ik ha it hielendal hân mei jim. Ik krij fan jim allegear seis

dollar foar it buffet. *(elkenien reagearret spottend)*

SILVIE: Buffet? Waarme kola en sandwiches dy 'st fan de middelbere skoalle oerholden hast?

RENEE: *(ferset har pion)* Ien-twa-trije... Alwer Sport.

MICKEY: *(lêst kaartsje)* "Wat hold Forrest Smithson ta ynspiraasje yn de hân by it horderinnen tidens de Olympyske Spullen fan 1908?"
(Renee en Silvie draaie har om sjogge Olive oan)

OLIVE: ...In ekstra sportbroek.

VERA: Is dat jim antwurd?

SILVIE: *(tsjin Vera)* Atst dat nochris seist, doch ik dy wat oan, echt wier.

MICKEY: Sechstich sekonden, fanôf no.

OLIVE: Hy hie in bibel yn de hân.

VERA: Presys.

RENEE: It is net te leauwen mei dat minske.

MICKEY: *(tsjin Olive)* Hoe is it yn fredesnamme mooglik datsto wat wist fan de Olympyske Spullen fan 1908?

OLIVE: Fan Phil. Phil wist mear fan sport dan watfoar oare man ek mar... Wy hiene noch troud wêze kinnen, at ik de Kentucky Derby mar wûn hie... *(se keart har blik ôf, tinkend oan Phil)*

RENEE: Helje dy sombere blik fan dyn gesicht. Dy man hat al dyn jild der troch jage op de hurddraversbaan. Twa. Wittenskip en Natuer.

VERA: Wat is de sterkste spier yn it lichem fan in man?

SILVIE: Derfoar of dernei?

MICKEY: Do stjoerst Phil no doch gjin jild mear, of wol?

OLIVE: Nah.

MICKEY: Ja, dus.

OLIVE: ...In pear hûndert dollar mar. Oant er alles wer wat op in rychje hat.

MICKEY: Dat besiket er no al twa jier. Dan is hy seker behoarlik yn de war?

OLIVE: Ik kin der neat oan dwaan. Elke kear, at ik syn stim foar de telefoan hear, stjoer ik him wer in cheque. Hy is der sa goed yn. Hy wit dat at er syn stim in bytsje ferdraait, ik de beurs al lûk.

RENEE: Ik soe noait myn eksman finansjeel ûndersteune. Net foardat froulju gelikense leanen krije.

SILVIE en MICKEY: *(tagelyk)* Sa is 't!

VERA: Och, do moatst it mar sa besjen, dy 't it lytse net earet, is it grutte net wurch.

SILVIE: *(sjocht har oan)* Do silst it grif hielendal meitsje yn Florida.

VERA: Joust it op, fan dy sterke spier?

RENEE: De tonge.

VERA: Kloppet.

RENEE: *(goait)* Freegje net hoe 't ik it wit. Trije. Ien-twa-trije... Sport en Untspanning. *(de telefoan giet)*

VERA: *(lêst)* "Hoe hyt it Súdlike gerjocht dy 't bestiet út de yngewanden fan in baarch?"

OLIVE: Fleantúchiten.

SILVIE: Chitlins.

OLIVE: *(nimt op)* Hallo? O, myn God, Phil!... Ik hie it krekt oer dy.

MICKEY: Toe gau, ferstopje har cheques. *(Renee goait wer. Se rint mei de pion oer it boerd, wylst Olive praat)*

OLIVE: *(yn de hoarn)* Hoe is 't mei dy, Phil?... Do klinkst goed. Wurch?... Ja, it heart wol as atst licht ferkâlden bist... Net sliapt? *(hân oer de hoarn; tsjin de famkes)* Hy praat mei in ferdraaide stim. Dit wurdt in djoere grap.

MICKEY: Net tajaan.

OLIVE: *(yn de hoarn)* Wat hast de lêste tiid dien, Phil?... Oan my tocht? Ah, wat leaf fan dy. *(nimt de hoarn yn de oare hân, tsjin de famkes)* Wy ha it no oer trije nullen. *(wer yn de hoarn)* Sitst yn de problemen? Wat foar problemen?

SILVIE: Sille wy it snoer trochknippe?

OLIVE: *(stekt de hân op as teken dat Silvie har stil hâlde moat; yn de hoarn)* Do rinst twa moanne achter mei de hier? O, jee, wat ferfelend foar dy... Hoefolle jild komst tekoart?

RENEE: *(tsjin de oaren)* In miljoen of seis.

OLIVE: *(yn de hoarn)* Goh, Phil, ik woe dat ik dy helpe koe, mar ik sit sels ek oan. Ik ha krekt de belesting fan de ôfrûne twa jier betelle.

MICKEY: Moai sa, fanke. Folhâlde.

OLIVE: (*yn de hoarn*) Dat wit ik wol... Ik wit datst it freeslik fynst om te freegjen, Phil. En ik fyn it freeslik dat ik dy teloarstelle moat.

SILVIE: Hingje op. Hingje no op foardat er syn stim wer ferdraait.

OLIVE: (*yn de hoarn*) Wat mankearret der doch oan dyn stim, Phil?... O, jee, doch dat no net... Asjebleaf, Phil... Harkje, ik sil dy trijehûndert dollar stjoere, goed?

RENEE: Gloria Steinem HATET dy!

OLIVE: Hâldt op mei dat hoastjen, Phil... Ik krij doch gjin meilijen mei dy, net op dy manier... Ik stjoer dy fiifhûndert dollar en gjin sint mear.

SILVIE: (*tsjin de famkes*) Ik set tsien yn dat se oant seishûndertfyftich giet. Wa biedt mear?

OLIVE: (*yn de hoarn*) Ik moat no ophingje... it wie fijn wer even mei dy te praten... Wat?... Us troudei?... Wannear?... Myn God, nije wike alwer, do hast gelyk... O... No, do ek, Phil... fansels... Seishûndertfyftich dan mar... Dach, Phil. (*se hinget op. Se sjocht de oaren oan, beskamme en yn ferlegenheid*) Hy klonk as Remi yn in sniestoarm, wat wolle jim no?

RENEE: (*hâldt de chips omheech*) Do joust dyn eksman seishûndertfyftich dollar en do litst dyn bêste freondinnen de Deade See Rollen opite?

OLIVE: Ik ha mar ien fatale swakte. Him. Toe mar, sjit my mar dea.

MICKEY: Mienst it, ik ha myn pistoal by my.

VERA: (*lêst*) “Wat is de âldste bekende griente op de wrâld?” (*elkenien stoarret har ferbaasd oan*)

SILVIE: ...DO!

RENEE: (*tsjin Olive*) Der bin ek noch oare mannen op de wrâld, witste.

OLIVE: (*rint op en del*) Tinkst dat ik dat net wit? Der wenje twa Spaanske broers yn dit hûs dy ‘t gek op my binne. De meast seksy manlju dy ‘st oait sjoen hast... Ik lykje wol gek. Wêrom stjoer ik in oan de luie line lûkende neatnut as Phil eins sânhûndertfyftich dollar?

MICKEY: (*tsjin Renee*) Jou my myn tas. Ik sjit har dea.

VERA: (*tsjin Silvie en Renee*) Is dat jim antwurd?

SILVIE: Ja! DO bist de âldste bekende griente fan de wrâld.

VERA: Fout. It is de earte.

SILVIE: Dan komsto dêrnei. (*Vera goait en ferset de pion*)

OLIVE: De jongerein fan tsjintwurdich is slimmer as wy. Wêrom soene je de muoite nimme om te trouwen at je ek koartere relaasjes oan gean kinne? Ik sil moarn yn de bus direkt ris wat better om my hinne sjen.

VERA: Film en Fermeits.

RENEE: (*lêst*) “Watfoar groep spile yn de film: Rock Around The Clock?”

OLIVE: Allegear! Tagelyk!

ALLE FIIF: (*fûsten yn de loft*) BILL HALEY AND THE COMETS!!!

OLIVE: (*knipt mei de fingers*) Jaah! O. God, noch IEN sa’n jûn achter yn in T-bird! Woe-hoe!

SILVIE: Witte jim noch fan dy Danny Flanigan? Wauw! Te hyt om oan te pakken!

MICKEY: Hy hie jeans maat 28 oan, oan in liif fan maat 32.

RENEE: Ik wit noch dat ik foar it earst mei him schuifele. Hy sei oars neat as: “It is net watsto tinkst. Ik ha twa pakjes sigaretten yn de bûse”... De oare deis ha ik te bychtsjen west.

OLIVE: Hy hie altyd wol in pûn fet yn ‘t hier. Witte jim noch dy winter dat syn hier befrear? Hy moast it mei hammer en beitel útkamme.

VERA: Witte jim wa ‘t ik it alderleukste fûn fan de hiele skoalle?... Menear Schwartzman, it haad. (*de famkes sjogge elkoar oan*)

OLIVE: Allemachtich, ik fûn it freeslik om santjin te wêzen... oant ik fiifentritich waard. Begripe jim wat ik bedoel? (*allegear binne se yn gedachten fersonken*)

MICKEY: Ja.

SILVIE: Ja.

RENEE: Ja.

VERA: Ja. (*Silvie, Renee en Mickey knikke... Dan wurde se allegear stil en ferfalle yn prakkesaasjes. Oantinkens út de jongereintiid komme boppe. De telefoan giet. It liket oft gjin ien it heart. Hy giet wer. Olive rint der hinne en nimt op*)

OLIVE: (*yn de hoarn*) Mei de Chubby Checker Fanklup. Hallo. (*ynienen glimket se en lit har stim sakje. Giet mei de rêch nei de oaren stean*) O, hallo, leafste. (*in ferliedlike klank yn de stim. De oaren stekke de earen op*) Ik ha doch sein datst my jûn net belje

moast?... Ik kin no net mei dy prate... Mar fansels, do WITST doch wol wat ik foar dy fiel, leave?... Goed. Ien tel. *(se draait har om)* Mickey! Dyn man. *(se leit de hoarn del)*

MICKEY: *(giet oerein, rint nei de telefoan)* Ik woe datst echt in ferhâlding mei him hiest. Dan soe er my net de hiele tiid lestich falle. *(se nimt de hoarn op)* Hallo, Stanley. Wat is der mis? Hast foar dysels iten sean?... Wat hast hân?... Lammebout?... Moai sa Stan.

VERA: Kin dyn man lammebout klearmeitsje?

MICKEY: *(leit de hân oer de hoarn)* Hy sied him yn wetter. *(wer yn de hoarn)* Wa?... Nee, se is noch net opdaagjen kommen. Wat is der dan?... Dat mienst net!... Hoe moat ik dat no witte?... Goed. Dat sil ik dwaan... Ja... Daach. *(tsjin de oaren)* Wat ha ik jim sein?

RENEE: Wat is der oan de hân?

MICKEY: Se misse Florence.

RENEE: O, God!

MICKEY: Ik SEI doch al dat der wat mis wie?

SILVIE: Hoe bedoelst, misse?

MICKEY: Se is de hiele dei net thús west. Se hat de skientmespesjaliste en de pedikuere ôfbelle. Se is net opdaagjen kommen by har yogakursus en ek net by har spiritueel adviseur. Net ien wit wêr 't se is. Stan hat krekt mei har man praat.

OLIVE: Wachtsje even. Gjûn ien kin in dei mist wurde.

RENEE: Dat kloppet. Je moatte minstens achtenfjirtich oeren mist wurde, foardat je as mist beskôge wurde.

SILVIE: Se is gek op it Museum foar Moderne Keunst. Miskien is se dêr hinne gien.

VERA: Wa wit is se wol yn it Museum opsluten. Ik ha dêr ris tweintich minuten tsjin in suppoast oan stien te praten, foardat ik yn de gaten hie dat it in byld wie. *(Silvie sjocht har ferneatigjend oan)*

RENEE: Of se hat in ûngelok hân.

OLIVE: Dan hiene se dat wol heard.

RENEE: At se ergens yn de goate leit? Wa soe dan witte wêr 't se is?

OLIVE: Se hat paskes fan wol sânenfjirtich winkels. At se acht oeren lang net winkelt, dogge se New York ticht.

RENEE: Miskien is se wol berôve.


OLIVE: Wa wit wat se yn har hântas hat? Triengas, in alarm en in plysjeradio. Atst har op de skouder tikkest komt der in plysje-auto de hoeke om.

MICKEY: Ik wit it net. Ik fiel oan myn wetter dat se yn de problemen sit.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407

TONEEL
UITGEVERIJ  **INK**

“Samenspelen” is ons motto